FERIENING FRYSK UNDERWIIS

Skriuwerskip:
Drs. S.T. Hiemstra
G. Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN

Oan de 'Ynspeksje fan it Underwiis',
ôfd. basis- en fuortset ûnderwiis
kantoar Ljouwert,
Tesselschadestraat 31
8913 HA LJOUWERT

140505[2]

Underwerp: *it ûnderwiis yn it Frysk op de Steve Jobsschool en it Koopmans College*

Drachten, 5 maaie 2014

Rju achte ûnderwiisynspekteurs,

De *Feriening Frysk Underwiis* (FFU) is yn 1987 oprjochte om te krewearjen foar in bettere posysje fan it Frysk yn it ûnderwiis yn Fryslân, likegoed kwantitatyf as kwalitatyf. Ein 2013 en begjin 2014 hawwe wy kontakt socht mei de *Master Steve Jobsschool* yn Snits (basisûnderwiis) en it *Koopmans College* yn Hurdegaryp (fuortset ûnderwiis). Beide skoallen presintearren harsels as skoallen, dy't better tarist wêze soene op de takomst. Foar ús as FFU reden om dêr kennis fan te nimmen en benammen om te sjen nei it plak fan it Frysk yn harren kurrikula.

As FFU hawwe wy der út soarte belang by om op 'e hichte te bliuwen mei de nijste ûntjouwings op it mêd fan it Frysk yn it ûnderwiis. Hoewol't it Frysk yn it basis- en fuortset ûnderwiis al wer moai wat jierren as fak wetlik ferplichte en as fier-/ynstrukjetaal mooglik is, hawwe gâns skoallen noch altiten muoite om de taal in 'fanselssprekkend' plak yn har learplan te jaan. It 'Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden' dat foar it Frysk troch Nederlân ek al wer hiel wat jierren lyn ratifisearre is, freget yn kêst acht dat in 'oanmerklik part' fan it primêr ûnderwiis en in 'yntegrearjend part' fan it fuortset ûnderwiis yn it Frysk jûn wurdt. Dat kêst is likemin frijbliuwend.

Jimme lêste publisearre rapport 'Tussen wens en werkelijkheid' út 2010 jout (noch) in tryst byld fan it plak fan it Frysk op hiel wat al lang besteande Fryske skoallen. Wy wiene sadwaande ek benijd nei skoallen dy't nij binne, en dy't noch gjin 'Hollânske/Hollânsktalige' tradysje hawwe. Sa ornearre direkteur J. Visser fan de Steve Jobsskoalle op it Afûk-sympoasium fan 25 oktober 2013 noch, dat mei it ynsetten fan moderne (digitale) middels der kânsen foar it Frysk leine. Op it webstek fan beide neamde skoallen is lykwols neat oer it ûnderwiis yn it Frysk te finen.

Op ús brieven (fan 8 okt. 2013 en fan 28 jann. 2014) mei fragen dêroer oan de beide skoallen (sjoch de taheakke[n]) hawwe wy spitigernôch nea in reaksje krige. Neifraach by de provinsje learde ús dat de skoallen gjin frijstelling frege en krige hawwe fan de wetlike ferplichting om Frysk te jaan. Oant no ta is it folslein ûndúdlik wat de beide skoallen de bern meijouwe oan kennis fan en feardigens yn it Frysk, oft en hoe't se de kearndoelen foar it Frysk neistribje en wat se dogge oan de taalopfieding (yn ús offisjeel twatalige provinsje: Frysk en Nederlânsk) yn in meartalige setting (bgl. Frysk, Nederlânsk, Ingelsk).

De kontrôle op it útfieren fan de wetlike taken yn it ûnderwiis – yn ús gefal it neistribjen en realisearjen fan de kearndoelen Frysk – leit by de ynspeksje foar it ûnderwiis. Mei yn it ljocht fan de

Nederlânske en Europeeske wet- en regeljouwing binne wy fan betinken dat ús offisjeel erkende ‘minderheidstaal’ net stikem yn it ûnderwiis deaswijd of negearre wurde mei. De takomst fan ús taal yn de Fryske en Frysktalige mienskip wurdt dêrtroch bedrige en de taalopfieding fan de bern slim tekoart dien.

Wy hawwe dus grutte soargen oer it plak fan it Frysk op beide neamde skoallen. De FFU soe graach ynformearre wurde wolle oer wat de ynspeksje deroan docht en/of mooglik al dien hat om derfoar te soargjen dat de beide skoallen harren wetlike taak op dat stik sa gau mooglik folslein neikomme. Fansels sille wy mei jimme reaksje hoeden en ferantwurde omgean.

Mei rju achtinge,
foar de *Feriening Frysk Underwiis (FFU)*,
drs. Th. Dykstra, *foarsitter*

drs. S.T. Hiemstra, *skriuwer*

Taheakke(n): 4 FFU-brieven rjochte oan de Steve Jobsskoalle en it Koopmans College (fan 8 okt. 2013 en 28 jann. 2014)